

Omke Tsjear sil ferhúzje

© Geertruida van Assen

Safolle doazen, koest de flier net iens mear sjen. Ik stie yn ien fan de hoeken fan de keamer. Deun tsjin 'e muorre oan, mei achter my in grutte doaze, njonken my ek en foar my in steapel boeken.

Omke Tsjear balansearre tusken de doazen troch nei in kast. Hy koe de kast mar amper iepen krije.

"Hast it servysguod noch net út 'e kast helle?" frege mem ferheard. "Ik tocht dat dy kast al lang leech wie."

"Hm", wie it antwurd fan omke. Hy krige in lege doaze fan 'e grûn. It fernuvere my dat dy der noch wiene.

De doar fan 'e kast stie in eintsje iepen. It slagge omke om der in pear boarden út te krijen. Hy die se yn 'e doaze.

"Omke, moat der gjin papier tusken?" frege ik. Mar omke skodholle. "Unsin, it kin sa ek wol." It like my net goed ta, mar omke wie de baas en mem wie krekt út 'e keamer wei. Seis boarden kamen út de kast. Seis bekers en seis glêzen. Allegear byinoar yn 'e doaze, sûnder papier.

Ik gie sitten op 'e doaze dy't achter my stie, it wie in leechenien. Ik sakke der hielendal trochhinne oant ik op 'e grûn siet. Omke Tsjear boldere fan it laitsjen. Ik fûn it mar neat. Dêr siet ik, mei de kont op 'e flier, de skonken omheech by it liif lâns. De doaze stiif om my hinne. Hoe koe 'k der ea wer út komme?

"Hast dysels mar ynpakt?" De wurden hearden nuver út omkes mûle, sa heech, krekt as moast hy se troch wat smels hinnetriuwe. Hy treau de kast ticht. Seach my oan. Triennen rôlen him oer de wangen. De holle bûgde achteroer. Hy lake lûd tsjin it plafond. It liif skodde him op en del. Krekt in hynder dy't oer in stek springt. Omkes hannen grypten nei it liif, it soe oars grif ek noch fuortrinne.

Ik fûn dat er genôch lake hie en rôp dat er better helpe koe. Hy seach my nochris oan. De eagen read fan 'e triennen. "It liket ek sa snoad", hikte er. "Ik sil sa by dy komme, earst even bekomme." Hy liet him sakje.

Op 'e doaze.

De doaze mei de boarden, bekers en glêzen.

Ik seach him der trochhinne sakjen.

Ik hearde de skreau.

"Wat gebeurt der hjir allegear", raasde mem. "Au blinder, it glês is stikken", âle omke.

Mem krige my by de hannen. Se holp my út 'e doaze en lake net. "Nei bûten", biet se my ta en balansearre tusken de doazen troch nei omke Tsjear. Ik wie bliid dat ik út 'e doaze wie en gie

graach nei bûten ta.

Dêr rûn ik wat hinne en wer by it rût. Ik koe omke âljen hearre. It duorre hiel wat langer foar't mem omke út 'e doaze hie. Blykber siet er fêster as my.

“Wachtesto hjir? Ik moat even fuort mei omke Tsjearde”, sei mem doe't hja einlings bûten kamen. Omke Tsjearde sei neat. Hy seach as soe er nea wer laitsje. Hy rûn ek wat nuver.

Mem die de doar fan 'e auto iepen. Omke krûp yn 'e auto. Op 'e knibbels lei er foaryn. It liif op 'e stoel, de earms om 'e rêchleuning.

Mem stapte oan 'e oare kant yn. Hurder as ik fan har wend wie skeat se it hiem ôf. Ik seach noch krekt it gesicht fan omke Tsjearde. Ik miende triennen te sjen, net fan it laitsjen.

Ik haw sitten te wachtsjen, in hiel skoft. Wol de hiele middei. Omke lake al wer doe't hja einlings kamen. Mem plofte suchtsjend njonken my del. Omke net, hy bleau leaver stean sei er.